

Moetingen mei frou dr. Antonia Feitsma

It is hast net mûglik en beskriuw in persoan as we dy net kend hawwe: allinnich troch de libbene ekistensjele moeting kinne we oer immen prate. Wy binne berne yn Latynsk Amerika. Us âlders hiene de Nederlânske nasjonaliteit en dat wie ek it gefal mei ús pake fan heite kant, ús oerpake en dy syn pake.

Sûnt ús iere jeugd hawwe we belangstelling foar de skiednis en kultuer fan de Lege Lannen. Us pake joech ús *Een korte geschiedenis van Nederland* fan prof. A. Barnouw te lêzen yn in Spaanske oersetting en inkelde jierren letter de skiednis fan de Nederlânske literatuer fan prof.dr. Meijer. Yn Spaanske oersetting kamen we yn 'e kunde mei inkelde grutte dichters en skriuwers: Marsman, Simon Vestdijk (*De Koperen Tuin*) en Multatuli (*Max Havelaar*). Dêrby ûntdutsen we ek dat Nederlân noch in oare taal hie: njonken it Nederlânsk ek it Frysk. We fûnen it fierder nijsgjirich dat yn Frankryk de Bretonske taal foarkaam en yn Ingelân it Welsh. We krigen kontakt mei prof. Meijering, dy't in learstoel hie foar midsieusk Frysk. Hy wiisde ús derop dat der in treflike learde wie, in prestizjeuze professor, frou doctor Antonia Feitsma.

It ienige dat wy wisten fan skriuwers yn de lange evolúsje fan de Fryske literatuer wie Douwe Kalma. Wy sochten Frou doctor Feitsma op en kamen har oer 't mad tusken har boeken wylst se dwaande wie in les ta te rieden foar foardere studinten yn de Fryske taal. We fertelden har dat we allinnich heard hiene oer Kalma dy't Shakespeare yn it Frysk oerset hie, en se glimke. Se begûn ús fuortendaliks in kolleezje te jaan. Ymprovisearjend mei har skerpe ferstân fertelde se ús dat Douwe Kalma Homerus, Molière, John Milton's *Paradise Lost* en Shelley, de grutte fertsjintwurdiger fan de Ingelske Romantyk, oerset hie. Doe ferhelle se ús dat Obe Postma twa sokke dichterlike tsjinpoalen oerset hie as Rainer Maria Rilke en Emily Dickinson en dat de histoaryske roman yn de Fryske taal fertsjinwurdige wie troch Douwe Hansma en Japik Asman.

Fan har witte we dat in barbaarske Fryske kening wegere him dope te litten, nei't er oan de preester dy't de seremoanje útfiere moast frege hie: "Sil ik myn foarâlders weromsjen nei myn dea? Yn it paradys?" De preester antwurde him dat dat net mûglik wie, omdat dy net doopt wiene. De kening loek him werom, omdat er oars syn foarâlden net oantrefte soe. Se fertelde dat dizze Fryske kening beskreaun wie troch de filosoof Karl Jaspers.¹

It is in feit dat yn de kontekst fan in petear nije eksistinsjele wierheden yn de dialogyske ûnderfining nei foaren komme kinne.² Frou doctor Feitsma fertelde ús dat se libbe om har heechste doel en eale ambysje te realisearjen, nammentlik om de Fryske taal te befoarderjen. Har aardich drege proefskrift oer taalkundige aspekten yn it literêre wurk fan de grutte dichter Gysbert Japix is it bewiis fan har warberens en ynset oangeande it bewurkjen fan dit ideaal.

¹ Karl Jaspers, *Die Philosophie*, 1932.

² Gabriel Marcel.

Se makke ek stúdzje fan inkelden fan de grutste taalkundigen fan de Kopenhagen skoalle, lykas Hjelsmalev en Spang-Hanssen.

Har ideaal wie dat it ûnderwiis yn de Frysk taal foar altyd oan de Vrije Universiteit bestean bliuwe soe. Om it oantinken oan har te ferivigjen soene we in ynstitút foar de Fryske taal oprjochtsje moatte dat in permaninte skeakel foarmet tusken de Vrije Universiteit en Ljouwert.

Lit ús nochris weromkomme op har proefskrift oer Gysbert Japix. Hy wie 65 jier by syn dea en hie neffens syn biografen noch mannich jier fierder libje kinnen, om't er noch fol krêft en enerzjy siet. As de pest syn libben net weinommen hie, hie er net inkeld de Fryske taal en de Nederlânske kultuer ferrike kind, mar mûglik ek de wrâldliteratuer.

Frou doctor Feitsma helle dizze Fryske bard út 'e anonimiteit. Ferskate kearen hiene wy of ien fan ús de ear in petear mei har fiere te kinnen om ideeën út te wikseljen, altyd troch de moeting fan twa eksistinsjes: ideeën ferskine litte troch de dialogyske ûnderfining. Se wie bygelyks fan betinken dat it yn 'e takomst moai wêze soe as immen in oersjoch fan de skiednis fan de filosofy of fan de wrâldliteratuer yn it Frysk publisearje soe. Se sei dat doe't ien fan ús de Fryske oersetting fan de wurken fan Shakespeare op it aljemint brocht. Ek fertelde se dat it har spiet dat de Bretonske taal oan it ferdwinen wie.

Alfredo van Walbeek de Saint-Malo (filosoof)

Reinaldo van Walbeek de Saint-Malo (jurist)